

GKb 110

Lit genede oer ús reine:
alles hinget oan Gods seine
oer ús jild en oer ús goed.
Minsken dy't mei God har wei gean
sille hieltyd rjocht oerein stean:
God jout krêft en nije moed.

Dy't ús sêdet mei it goede,
foar it kweade ús behoedet,
stiet ek foar myn libben yn.
Hy liedt my op rjochte paden,
troch 't ravyn fol djippe skaden,
oant ik griene greiden fyn.

Wy ferkomme yn ús wargens:
al dat jeien, al dy soargen
om de moade fan 'e dei.
Och, lit my dochs, djip fan binnen,
Gods geduld en freonskip winne,
dat ik frede fine mei.

Hoop jout wjukken oan de minsken,
Jo foarsjogge yn ús winsken,
as it Jo mar haget, God.
Dan sill' siel en lichem libje,
nei de wiere rykdom stribje:
jo genede is ús skat.

Dagen dy't oan 't ljocht kaam binne
gean as wetterstreamen hinne.
Yn in sucht binn' wy foarby.
God bringt lok dat sûnder ein is,
't keninkryk fan syn folsleinens,
alle dingen wurde nij.

tekst Ria Borkent – 'Alles, alles is gelegen', neffens Nürnbergisches Gesang-Buch 1676 – 'Alles ist an Gottes Segen'

oersetting David de Jong

meldij Johann Löhner 1691, by Johann Adam Hiller 1793